

7^e jaargang, maart 2001

Nº1

F RYSLÂN

kwartaalblad van het Fries Genootschap

NIEUWSBLAD VOOR GESCHIEDENIS EN CULTUUR



FRYSLÂN

*Nieuwsblad voor
geschiedenis en
cultuur*

7e jaargang nr. 1, maart 2001

Fryslân is een uitgave van het Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde. Het verschijnt vier keer per jaar en wordt toegezonden aan de leden van het Fries Genootschap

Eindredactie:

Meindert Schroor

Redactie:

Johan Frieswijk

Evert Kramer

Hans Mol

Harm Nijboer

Vaste medewerkers:

Wiebe Bergsma, Onno Hellinga,

Goffe Jensma, Yme Kuiper, René Kunst,

Gilles de Langen, Rita Mulder-Radetzky,

Jacob van Sluis, Hotso Spanninga,

Johanneke Sytsema,

Tineke Steenmeijer-Wielenga,

Oebele Vries, Siem van der Woude

Redactiesecretariaat:

Kopij zenden aan:

Fryslân, Postbus 6091,

8902 HB Leeuwarden/Ljouwert.

Telefoon/fax: 058-2665309

E-mail: varenius@planet.nl

Ledenadministratie:

Fries Genootschap

Turfmarkt 11, 8911 KS Leeuwarden

Telefoon 058-2123001

(Alleen telefonisch bereikbaar op

woensdagmorgen tussen 09.00 en

12.00, Hilda Dekkinga)

Ontwerp omslag: Mlinar Design

Lay-out: Klazien Schroor-Dijkstra

Druk: Grafisch Bedrijf Hellinga,

Leeuwarden

Het *Fries Genootschap van Geschied-,*

Oudheid- en Taalkunde, opgericht

26 september 1827, met als

Beschermvrouwe H.M. de Koningin,

heeft als doel het onderzoek naar en het

vergroten van de kennis omtrent al het-

geen de geschiedenis, oudheid- en taal-

kunde van Friesland betreft.

U kunt zich verzekeren van regelmatige

toezending van *Fryslân* door lid te wor-

den van het Fries Genootschap. Gebruik

daartoe de bijgevoegde antwoordkaart.

Losse nummers: f 7,50

ISSN: 1383-6560

Van de redactie

Aan het begin van de nieuwe, zevende jaargang nemen wij afscheid van Yme Kuiper. Ruim vier jaar maakte hij deel uit van onze redactie en aan hem dankt ons blad talloze bijdragen. Yme blijft evenwel als vaste medewerker verbonden aan *Fryslân*. Intussen hebben wij Hans Mol bereid gevonden zijn plaats in te nemen. Hans is een oude bekende van het blad en destijds een van de initiatiefnemers tot de oprichting van *Fryslân*.

We openen dit nummer met de in februari overleden Friese volkschrijver Rink van der Velde. Tineke Steenmeijer-Wielenga 'hâldt yn in moaie bydrage syn neitins yn eare.' Voorts uitgebreide aandacht voor de zestiende-eeuwse Friese hoofdeling Jancko Douwama. Afgelopen herfst is, bijna anderhalve eeuw na publicatie, diens 'testament' of 'Instructie' weer boven water gekomen. Een Belgische kunsthistoricus heeft het aangeboden aan de Provinsjale Biblioteek fan *Fryslân* en met Martha Kist nemen we alvast een kijkje in het bijna vijf eeuwen oude document. Harmen Wind schetst een portret van de opsteller ervan. Volgens hem maakt de Instructie aannemelijk dat de in 1849 door het Friesch Genootschap uitgegeven Geschriften van Jancko Douwama geen vervalsing is, zoals wel eens is verondersteld. De Amsterdamse socioloog Dronkers zet in een bijdrage de hedendaagse Friese adel af tegen de andere adel en geeft aan waarom en waarin deze groep nog steeds afwijkt van zijn soortgenoten. Recenseren behoort niet tot onze gewoonte, maar voor de verschijning van een tweetal belangrijke publicaties over 'Frieslands Oudheid' en zijn monumentenbezit maken we ditmaal een uitzondering. Tenslotte wijzen wij u op de Genootschapspagina's. Daarin wordt alvast een voorproefje gegeven van de vele activiteiten en feestelijkheden die u mag verwachten van de uitgever van dit blad in het kader van zijn inmiddels 175^{ste} verjaardag in 2002.

(By de foarside:)

Rink van der Velde op 'e fyts ûnderweis yn

'e simmer fan 1998 (foto: Siep van Lingen,

Leeuwarder Courant)

In dit nummer:

Van de redactie	2
By de dea fan Rink van der Velde	3
Zestiende eeuws handschrift van Jancko Douwama in bezit van PB	9
In ûntbrekkend puzzelstikje; De oare Jancko Douwama	11
De hedendaagse Friese adel; Anders dan de andere adel	15
Frieslands oudheid	18
1827-2002; 175 jaar Fries Genootschap	21
Rekening 2000 en begroting 2001	22
Algemene Ledenvergadering	23
Studiedag Aed Levwerd over mondelinge geschiedenis	23
De Friese monumentenbijbel	24
Studiedag 'Film, Geschiedenis en het beeld van de regio'	26
Ingezonden: Het Oldehoofster kerkhof in 1933	26
Ynboekt	27
Banden van vriendschap	28
Agenda	29
Vrouwen en wetenschap	31

Ealsum 18 juny 1932 - Drachten 17 febrewaris 2001

By de dea fan Rink van der Velde

Tineke Steenmeijer-Wielenga

Rink van der Velde dy't op 17 febrewaris 2001 yn syn wenplak Drachten rêst is yn 'e âldens fan 68 jier, hat lêzend Fryslân in grut en ryk oeuvre neilitten. Ofsjoen fan syn bondels mei kroechferhalen en kursyfkes (fan himsels almeast 'stikjes' neamd), ôfsjoen fan it gefoelige tekenteltsje Foekje (stripperhaal fan in aventoerlik hûnelibben) en de 'Bokwert'-boekjes skreau er ien Nederlânske en trijeëntweintich Fryske romans en in bondel mei autobio-grafyske ferhalen. In fiks part dêrfan mei ta de literatuer rekkene wurde.

Dat begjin is karakteristyk foar de wurkwize fan Van der Velde. Hy neamt plak en tiid, mar op in sadanige wize, dat de lêzer fuort yn de sêne sit: 'hji' leit it oanbegjin, wy skriuwe 1400'. Dêrnei stoffearret er it lânskip mei minsken dy't ek daliks beuzichheid en in plak

As ferteller ûnder de nei-oarlochske skriuwers sette er de tradysje fuort fan Reinder Brolsma, Ulbe van Houten en Nyckle Haisma. Nij yn de Fryske literatuer wie by syn debút, dat er it ferhaal yn Frankryk situearre en dêrmei de útspraak fan Anne Wadman befêstige, dat yn de jierren '60 de **Fryske** skriuwers, Fryske **skriuwers** wurden wiene. Wadman woe dêr mei sizze, dat de skriuwend Friezen auteurs wiene as alle oare en dat hja harsels gjin beheiningen op hoegden te lizzen wat stofkar en lokalisearring oangie.

Wat krekt de literêre wearde fan in boek útmakket, is slim út te meitsjen. It moat om te begjinnen goed skreaun wêze en logysk en konsistent opboud. Foar myn gefoel moat der ek wat mear stean as der stiet, der moat de suggestje oproppen wurde, dat der in wrâld leit efter en ûnder de wurden op harsels. Van der Velde krige hyltyd better foar it ferstân, hoe't er in ferhaal stalle moast en hoewol't er net mei opsetsin eksperimentearre mei de foarm, waard er in master yn it fertellen yn ferskillende lagen en it tapassen fan flash backs. Troch de floeiende oergongen liket syn fertellen út it iene perspektyf wei spontaan oer te gean yn in oar, mar dêr sprekt behalve in grutte linigens dochs ek in beskaat raffinemint út. Hy koe omraak minsken tipearje en tige sfearfol situaasjes skilderje. Syn dialogen binne sterk yn har natuerlikens. Eang fan grutte gefoelens hat er - sintimintelens mijend - dochs út en troch suver lyrysk en poëtysk skreaun. In gedicht hat er him lykwols mar hiel kom-selden oan weage.

Wurkwize

Sa'n dichterlike útsûndering wie syn bydrage oan de rige 'Friesland in prent, proza en poëzie' dy't de Stichting Beeldende Kunst-Friesland yn de jierren '90



fan de foarige ieu útjûn hat en dêr't Van der Velde de tekst foar de gemeente Smellingerlân fan foar syn rekken naam mei it proazagedicht 'Smelle Ie'.


Smelle Ie

*Hji' leit it oanbegjin, wy skriuwe 1400
de muontsen stekke turf yn it Okselân en
weidzje de kij op de Koppen.
Fan de Middelgeast ôf komt de Foallestrûper
dat is syn bestean, mar hy sprekt ek rjocht
yn it weardshûs by de haven.
Sierd Everts hat by de Reidbosk in flut iel
fongen
de prior fan 't kleaster is der slij nei, mar
Sierd komt ûngelegen
de prior leit krekt by de faam fan de úthôf
Flearebosk
sa nau hipt it net yn it rike Roomse libben.*
....
(fragmint)

*Rink van der Velde, in humorist dy't tot op
it lêst aktyf bleau. (foto: Siep van Lingen,
Leeuwarder Courant)*

yn 'e mienskip hawwe om as tredde elemint de hegerein, yn dit gefal de prior, te yntrodusearjen en te wizen op in misstân: de prior nimt it mei it selibaat net sa nau. In fjirde aspekt, dat ek fertroud oandocht, is de myldens fan syn krytyk: it hipte net sa nau yn it rike Roomske libben.

Yn it twadde part fan 'Smelle Ie' hat Van der Velde de situaasje 'A.D. 1991' beskreaun en dêrby hallet er - alwer sa skaaimerkend - oantinkens op, oan wat der yn 'e oarloch yn dy krite bard is. Fierder besiket er nammen, lykas Hagebosk, Kleasterkamp en Muontsegroppe en ferskynsels as it nei boppen kommen fan in kroadfol skrinkels te ferklearjen



It omslach dat Meinte Walta makke foar de earste printinge fan De Fûke yn 1966. Dit ferhaal is letter ferfilm. (foto: Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum)

út de skiednis. Yn de dûbelde ympresje fan Smelle Ie yn de midsieuwen en hjoeddedei is yn koart bestek omtrint de hiele skriuwersfiguer werom te finen.

Libben

Rink van der Velde waard berne yn Ealsum op 18 juny 1932 as jongste bern en iennichst jonkje yn de grifformearde húshâlding fan Hindrik van der Velde en Hindrikje Pilat, dy't elkoar, neffens de soan, 'Kinge' neamden. Heit wie by de plysje, lykas syn heit, pake Rink, dat west hie yn Haulerwyk (syn bertedoarp), Duerswâld, Beets en Westergeast. Dat Rink op 'e klaai te wrâld kaam, wie min ofte mear tafallich. De famylje fan memmekant wie ôfkomstich út de Wâlden. Yn de bondel *Sa wie 't sawat* (1997) dêr't de skriuwer ferhalen yn gearbrocht hat,

dêr't er wat yn fertelt oer syn eigen eftergrûn, libben en karriêre en útleit yn hokker omstannichheden guon fan syn boeken ûntstean binne, hat er in moaie skets oer syn pake Rink opnommen.

Doe't de âldman te hearren krige, dat der nei fjouwer famkes in jonge te wrâld kommen wie en dat dy nei him neamd wurde soe, moat er sein hawwe: 'Doch dat no net, want de Rinken hat noch noait ien fan doge wold.' Hysels hie de namme krige fan syn pake fan memmekant, in Rink Hof. Hoewol't de jonge Rink van der Velde noch gjin seis jier âld wie, doe't pake weirekke, tocht er dat er syn leafde foar boeken fan him hie. It heugde him noch, dat er berneboeken fan W.G. van de Hulst en de Hepkema-útjefte fan *Bruintje Beer* dêr't syn susters him út foarliezen, fan pake

krige hie. Nei dy syn ferstjerren urf heit seis plankfollen boeken û.o. 'it komplette wurk fan L. Penning oer de Boere-oarloch' en 'de folsleine wrâldskiednis fan Streckfuss yn withoefolle stimpele swarte bannen'. 'Pake sammele boeken en der wienen djoere by. Heilige herinneringen fan R.E. van Arkel, grut formaat en mei moaie ynplakte kleureprinten fan Palestina. Van Ur naar Egypte fan F.B. Meijer, ek sa'n prachtboek.' Leger ûnderwiis folge de skriuwer earst yn Dokkum op de kristlik-nasjonale skoalle 'Op de Fetze'. Neidat syn heit (nei in konflikt mei de korpslieding yn it begjin fan de oarloch) ûntslach nommen hie by de plysje en op 'e Sweach in funksje krige by de ekonomyske kontrôletsjinst, rekke er dêr nei skoalle. Yn 'e lêste oarlochsjierren, doe't de jonges hiele dagen omswalken yn 'e Sweachster bosken, is er foargood Wâldsjer wurden. Yn syn romans en ferhalen hold er fêst oan 'saterdei', 'heul' en oare eastlike farianten fan it standertfrysk. Oer dat 'frije' libben yn oarlochstiid skreau er yn *Schrijven in Friesland*, syn bydrage oan *Het Land der Letteren* (1982): 'De wereld staat in brand, er sterven miljoenen mensen en wij leven zo goed als onbezorgd. Af en toe is er wel de dreiging van razzia's, van geruchten over executies en thuis is de stemming vaak gedrukt, maar wat merkt een tienjarige daarvan, die alleen maar thuis komt om te slapen en te eten. We hoeven de laatste jaren van de oorlog niet eens meer naar school, omdat de Feldgendarmarie het gebouw als kazerne gebruikt. We hopen dat die nieuwe bestemming eeuwigdurend zal zijn. In april 1945 is het evenwel ineens afgelopen. Het vogelvrije en ongebonden bestaan moet worden opgegeven. Er moet geblokt worden om de schoolse achterstand in te halen.'

Sjoernalist

Nei de legere skoalle reizge er nei de CVO-skoalle en de kristlike mulo yn Drachten. Ut syn rapportsfers docht bliken, dat er goed meikomme koe yn fakken as taal, (bibelske) skiednis en ierdrykskunde, mar gjin oanlis hie foar wiskunde. In oplieding oan de see-feartskoalle siet der sadwaande net yn, mar de fierte en it aventoer lokken al. Nei in pear baantsjes (û.o. as meunsternimmer) om de tiid tusken it ein-eksamen en de militêre tsjinst op te foljen, rekke er nei Frankryk ta om by in Belgyske boer yn de omkriten fan Paris oan it wurk te gean. It libben op

dy pleats mei arbeiders fan ûnderskate nasjonaliteiten (plus in tal clochards en oare omstippers) makke in oerweldigjende yndruk op de jonge fan noch gjin tweintich, dy't noch noait fan hûs west hie. Hy hat der de stof yn fûn foar syn earste Fryske roman *Joun, healwei tolven* (1962). Earder al hie er der reportaazjes oer makke foar de *Drachtster Courant*. Sjoernalist wurde, dat wie dochs wol wat er woe, neidat er ek syn tsjinstplicht opknapt hie by de marine. Foar in krante wurkje en boeken skriuwe. Mei syn opstellen hie er yndruk meitsje kinne op skoalle en thús yn it laad leine skriften fol Hollânske ferhalen oer yndianen en ridders. Neidat er in skoftsje by de *Dokumer Courant* oan it wurk west hie, helle Freark Dam him nei de *Drachtster Courant*, dêr't er in moaie tiid belibbe en in soad learde. Op oanstean fan Dam, dy't behalve syn haadredakteur, by Laverman ek syn útjouwer waard, is er begûn 'syn frij wurk' yn de memmetaal te skriuwen en dat foldie sa goed, dat er it letter nea wer oars besocht hat. Om him maatskiplik te ferbetterjen makke er yn 1960 de oerstap nei de Fryske edysje fan *Het Vrije Volk*, dêr't er ûnder lieding fan Sjoerd Leiker kaam te wurkjen. Doe't him dúdlik waard, dat de redaksjekultuer yn Ljouwert en de mentaliteit him net leine, makke er de oerstap nei de *Friese Koerier* dêr't Fedde Schurer noch oan 1963 ta haadredakteur fan wie. Fan 1969, doe't de út de ylllegaliteit fuortkommen *Koerier* fusearre mei it 'Hoofdblad van Friesland', oant er op syn sechstichste mei de



Útrikking fan de Gysbert Japicxpriis 1975 op it Provinsjehûs yn Ljouwert troch de deputearre fan kultuer drs J. Mulder. Van der Velde fielde neat foar de wenstige plechtige útrikking yn it stêdhûs fan Boalsert (foto: Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum)

'vut' koe, wurke er foar de *Leeuwarder Courant*. De krante betsjutte mear as in fêst salaris en in basis foar it bestean mei frou en dochter; by de krante hat er it skriuwen leard, fûn er sels en it wurk yn de sjoernalistyk joech him boppedat de mooglikheid om dingen mei te meitsjen en mei in hiel soad nijsgjirrige minsken yn 'e kunde te kommen. Foar syn rubryk 'Fries Mozaïek' prate er gauris mei âldere minsken dy't de krisisjierren en de oarloch meimakke

hiene en dy't leard hiene harsels te rêden. Guon fan dy manlju - turfgravers, fiskers, fjildminsk, âlde anargisten - bleauwen him by en har ferhalen brûkte er yn syn romans.

De romans

It is sa gau nei it ferstjerren fan de auteur en it útkommen fan syn lêste boek noch te betiid om in definityf oardiel te jaan oer de wearde fan syn oeuvre en om fêst te stellen, wat syn plak is yn de Fryske literatuerskiednis. As ik besykje om foarriedich in yndieling fan syn romans te meitsjen, dan kin ik in fiiftal sjenres ûnderskiede:

- eigen aventoeren: *Joun, healwei tolven* (1962), *Forliezers* (1963), *Beafeart nei Saint-Martin* (1963) (alleast wat de entûraazje oangiet), *Geiten, Griken en gekken* (1967) en *Chamsyn* (1969)

- boeken dy't yn 'e oarloch spylje of dêr't wat dat yn 'e oarloch (ynklusyf de polisyonele aksjes) bard is, in rol yn spilet: *Beafeart nei Saint-Martin* (1963) (wat de ynhâld oangiet), *De Fûke* (1966), *Rjochtdei* (1968), *De Ofrekken* (1982) (tagelyk in plysjeferhaal), *De lange jacht* (1985) (ek in speurdersferhaal), *De histoarje fan kammeraat Hollanski* (ek in histoaryske roman) (1987), *Rjochtdei op de Skieding* (1994), (ek in plysjeferhaal), *Alde maaie* (2000) (idem) en *It guozzeroer* (2001)

- 'maatskippijkrityske' boeken: *Foroaring fan lucht* (1971) en *Pake Syltse* (1975)



Fiskje, benammen ielfiskje, wie ien fan de grutte leafhawwerijen fan Van der Velde (foto: *Leeuwarder Courant*, 1987)

- 'histoaryske' romans: *De houn sil om jim bylje* (1978) (nei oanlieding fan de moard op fjouwer plysjes yn 1929 troch Eije Wykstra), *De Heidenen* (1981) (in famyljekronyk), *Jan Hut* (1989), *De nacht fan Belse Madam* (1991) en *In fin mear as in bears* (1995) (oer Salomon Levy)
- plysjeferhalen mei Homme Veldstra as speurder tsjin wil en tank: *Gjin lintsje foar Homme Veldstra* (1993), *Rjochtdei op de Skieding* (1994), *Smoarge grûn* (1998), *Hepke* (1999), en *Alde Maaie* (2000)
Ut de ferskiningsjierren is in beskate ûntjouwing ôf te lêzen. Ynearsten moast de skriuwer sels wat belibbe hawwe om in roman skriuwe te kinnen, letter kin er mei ferhalen, dokumintaasje en fansels in grut ynlibbingsfermogen yn minsken en omstannichheden ta. De Homme Veldstra-ferhalen dêr't er - tusken heakjes - wol gâns fan syn eigen problemen yn kwyt koe, de namme is net tafallich - beskôge er sels as 'tuskenbeurtsjes'.

Aspekten

Om in folslein byld fan it skriuwerskip fan Rink van der Velde te krijen sil folle mear en yngeander stúdzje makke wurde moatte as ik yn it bestek fan dit artikel dwaan kin. Lykwols wol ik alfêst in tal aspekten neame. Salang as de skriuwer yn 'e sjoernalistyk wurksum west hat, hat er syn literêr wurk 'derby' dwaan moatten. As jong skriuwer naam er twa wike fakânsje op tsjin de tiid, dat in ferhaal yn syn holle foarm krige hie en op papier brocht wurde koe en yn dy fjirtsjin dagen moast it dan ek heve. Faaks ferklearret dat de yntinsiteit dêr't in boek as *De Fûke* yn 1966 mei skreaun liket te wêzen. Yn in fraachpetear mei Tiny Mulder foar *De Tsjerne* yn 1967 (opnommen yn *Hwer hast it wei?*) sei Van der Velde: 'Der sit altyd wol in bytsje fan mysels yn myn romanpersoanen, mar ik kin net myn eigen problematyk útfjochtsje op papier.' Hy hat der wol altyd ferlet fan hân om syn erfaringen op te skriuwen, mar wat er sels belibbe hat, mjukst er sa bot troch wat er fan oaren heard hat en derby betocht, dat er net mear útinoar hâlde kin, wat wier bard is en wat net. 'Ik haw mysels derop bitrape, dat ik forhalen fortel út Frankryk, dy't hielendal net wier binne. Sa sterk haw ik my dêr dus ynjown as ik mei it boek omrûn (...), dat ik sels op 't lêst tocht, dat it wier wie.' Dy útspraken die er, doe't er noch mar fjouwer boeken publisearre hie. No't wy syn oeuvre oersjen kinne, falt namste mear op, dat it yn syn boeken hast altyd giet

foroaring fan lucht

foroaring fan lucht



gurbe



rige

rink van der velde

It omslach dat Durk van der Ploeg ûntwurpen hat foar de lettere printingen fan *Foroaring fan lucht*. Hy brûkte as útgongspunt in pintekening dy't Jan Planting yn 1944 makke fan it hûs oan 'e Sânleane tusken Beetstersweach en Lippenhuzen, dêr't Rink van der Velde 'de singeliere húshâlding fan Durk Luchtigheid, alias Durk Snoad' wenje lit (foto: Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum)



Oankundiging fan it iepenloftspul Durk Snoad nei it boek *Foroaring fan lucht* út 1971. It stik waard yn Grou spile by it 100-jierrich bestean fan de Fryske Krite (foto: Paul Janssen, Leeuwarder Courant)

om ien figuer, op wa't it folle ljocht falt en dy't dúdlik de sympaty fan de skriuwer hat. Meastentiids is it wat in apart man, in Einzelgänger, in yndividualist dy't it mier hat oan macht en gesach en gauris binne der trekjes fan de skriuwer sels yn werom te finen.

Froulju nimme net in grut plak yn yn syn ferhalen. Van der Velde beskriuwt yn it begjin fan *De nacht fan Belse Madam* tige krekt de fiif stadia dêr't in reinbui him yn ûntwikkelt. 'Rein, in pear drippen, in snjitterke en dan stjalperich. Wat sei, it binne kwitsen dy't grouwe bûlen slane op it blakstille wetter fan de haven.' Dêrfoaroer wurdt de române tusken Teade Wagenaar en Julia de Smet, foar wa't er syn hiele húshâlding sitte litte kinnen hie om mei har nei it Belselân te gean, ôfdien mei 'Ik ha ien nacht by har lein.' De leafde, oars ien fan de wichtichste tema's yn de moderne romanliteratuer, spilet amper mei yn syn wurk. Dat wol sizze, hy mjit it skriuwen der oer, mar suggerearret út en troch wol, dat syn personaazjes har wat oan froulju gelegen lizze litte. De measte fan syn romans hawwe in sterk evokatyf begjin. By *De Fûke* bygelyks belibbet de lêzer de konsternaasje dy't ûntstiet as yn 'e iere moarn op in ôfhandich plak in motor de reed del komt sa yntins mei, dat er de kjeld hast oan 'e eigen lea fielt. Binnen ien side is er al middenyn de fertelsituasje bedarre en op 'e twadde pagina wit er, dat it oarloch is en hokfoar spanningen it lûd fan dy motor opropt by de bewenners fan it iensume hûs oan 'e mar. 'Ik seach de fisker dêr oan de Tsjûkemar sa dúdlik foar my en ek dy motorriders, dy't de reed delkomme.' fertelde de skriuwer oan Tiny Mulder. 'Ik seach it ljocht fan dy motor flikkerjen.' *De nacht fan Belse Madam* hat ek sa'n driigjend begjin, dizze kear mei swier waar oan it wetter. It ljochtet sa fûl, dat Teade Wagenaar oer in ôfstân fan wol trijehûndert foet mient in minske yn deadsneed te sjen. Sokke sterke bylden, dêr't in hiel ferhaal him út ûntrole, waarden de skriuwer yn jûn yn in dream of yn it skoftsje tusken sliepen en ûntweitsjen yn, dat ek foar dichters soms sa fruchtber wêze kin. It ûnderbewuste wurke troch: de skriuwer wie op in nijsgjirrige figuer of in yntrigearjend barren stuite en stadich groeide yn syn holle it plan om dêr nochris wat mei te dwaan yn in boek. Foar de histoaryske romans die er ûndersyk yn de argiven en as it nedich wie,



BOKWERDER BELANG.

Nieuws- en Advertentieblad voor Bokwerd en wijde Omgeving
Uitgegeven door de Vereniging voor Dorpsbelangen



Net is met zeggen
niet te doen




Bokwerd for ever



Yn Bokwerder Belang, in rubriek dy't jierrenlang yn de Ljouwerter krante ferskynde, fertelde Rink van der Velde oer it wol en wee fan 'e Bokwerders. Haadfiguren wienen: Fokeltje Snikstra-Weening, Doeke Vaartjes, Drs Gijsbert Willemoed, Hotse Hartstra, Berend Ondersteek en Harke Heidstra

woed er der ek wol foar op reis, lykas er dien hat foar *De histoarje fan kammeraat Hollanski*, dêr't er in reis nei Wyt-Ruslân om makke. Net earder as doe't er op syn sechstichste de krante farwol sizze koe, krige er it oan tiid om lang mei in boek dwaande te wêzen. Dat makke it net

altyd makliker, hy waard sinniger en kritysker en pakte mear om mei de stof en mei de struktuer fan it ferhaal. Troch in tal swiere operaasjes is letter syn konsintraasjefermogen minder wurden en koed er minder yntinsyf oan in boek wurkje. Hy hat wenne moatten oan it



Hânskrift mei oantekeningen fan de skriuwer foar Pake Sytse (foto: Paul Janssen, Leeuwarder Courant)



Oan it bier mei maten yn it kaffê van Boarnburgum yn 1988 (foto L.C.)

meitsjen fan skema's en notysjes oer bygelyks syn nammejouwing. Ik haw it altyd opmerklik fûn, dat Van der Velde him sa identifisearre mei minsken út foarige generaasjes, krekt as hie er it gefoel, dat er him yn de tiid fan de âldere minsken mei wa't er foar de krante oer har libben prate, better thús field hawwe soe. Hy idealisearre dy tiid net, mar troch syn tagedienens foar de ienfâldige striders en de begienens mei har lot, krigen syn boeken dochs wat fan romantyk en nostalgy. De lêzers mochten dêr ek graach oer en dat sil him besterke hawwe yn it idee, dat er mar fuortfarre moast yn dy styl. Of hie dy hing nei it ienfâldige bestean yn en fan 'e natuer te krijen mei syn oantinkens oan it frije jongeslibben yn de Sweachster bosken yn de lêste jierren fan de oarloch?

Foar immen dy't yn maaie 1940 noch acht jier wurde moast, hat Van der Velde him opfallend faak dwaande hâlden mei de oarloch. Twong de hâlding fan syn heit dy't - sa't er it oan Tiny Mulder fertelde - mei oare trouwe oanhingers fan *De Standaard* in skoftlang wol wat yn it nasjonaalsosjalisme sjoen hie him hyltyd fannijs ta selsûndersyk oer syn eigen kar, as er dêr foar steld west hie? Syn meast twingende problematyk wie dochs wol dy fan de eigen, yndividuele minsklike ferantwurdlikheid en dy koe er pregnant ferbyldzje yn oarlochssituaasjes.

Kleur en fariaasje

Yn Rink van der Velde hat Fryslân in bysûndere skriuwer ferlern, dy't ús in ryk oeuvre fol kleur en fariaasje mar dochs hiel eigen fan toan en tematyk neilitten hat. Ut de reäksjes op syn fersjerren hat bliken dien, dat er as persoan foar gâns minsken - en mear as allinne syn lêzers - in soad betsjutte kinnen hat. 'In minske komt allinne op 'e wrâld en moat hjir allinne wer wei-reizgje. Tusken troch fynt er soms oanhâld,' sa sawat wie syn filosofy. It tekenet him yn syn beskiedenens, mar it wie in dimmenens dêr't him in grutte driuw om wat goeds te leverjen efter ferskûle, ambysje en dochs ek altyd noch it ferlet om mei it talint te woekejen. Lit ús syn neitins yn eare hâlde!

Zestiende eeuws handschrift van Jancko Douwama in bezit van PB

Martha Kist*)

Op een zondag in mei 1527 rijdt mr Louis Zoete, secretaris van keizer Karel V, de stadspoort van Mechelen binnen. In zijn zadeltas zit een document dat hem zojuist in bewaring is gegeven door de Friese hoofdeling Jancko Douwama, 'gevangene des keyzers' in kasteel Vilvoorde. Daarna blijft het zo'n 325 jaar stil. In 1853 duikt het document ineens weer op. De Belgische abt Corneille Stroobant, die een grote belangstelling voor geschiedenis heeft, schrijft er een inleiding bij en geeft het werk uit. Hoe Stroobant aan Jancko's laatste wil gekomen is en waar die bewaard wordt, weten we niet. Weer een stilte van anderhalve eeuw. In het najaar van 2000 kondigt dr Thomas Coomans, een kunsthistoricus uit België die op dat moment in Nederland werkt, totaal onverwacht aan dat hij het 'testament' van Jancko Douwama in zijn bezit heeft en het aan de Provinsjale en Buma Bibliotheek fan Fryslân wil schenken. Het zat in de nalatenschap van Corneille Stroobant, die een broer van zijn betovergrootvader was!

Corneille Stroobant

Het 'testament', of beter gezegd 'Instructie', is gepubliceerd in 1853 onder de titel 'Derniers avis de Jancke Douwema à sa femme et à ses enfants' gepubliceerd in de *Annales de l'Académie d'Archéologie de Belgique* (1853) 251-258, evenals in de reeks *Mélanges historiques inédits no. 5* (Antwerpen, 1853) en (in het Frans) ingeleid door Corneille Stroobant (1811-1890). Deze geestelijke is voor de Belgische vaderlandse geschiedbeoefening een zeer verdienstelijk persoon geweest. Hoewel hij meer dan dertig jaar lang als missionaris in Engeland werkzaam was, heeft hij een aantal boeken en zeer veel artikelen in tijdschriften geschreven (voor het merendeel gepubliceerd in de bovengenoemde *Annales*). Hij behandelt daar in allerlei onderwerpen met betrekking tot kerkgeschiedenis, Belgische gemeenten en zijn grote liefhebberij genealogie (met name over adellijke Belgische, Franse en Hollandse geslachten). Daarnaast heeft hij baanbrekend werk verricht op het terrein van de statistiek, die in zijn tijd nog in de kinderschoenen stond. Hij slaagde erin talrijke historische bescheiden voor vernietiging te behoeden. Waarschijnlijk is hij zo aan de 'Instructie' van Jancko Douwama gekomen, want een speciale belangstelling voor Friese geschiedenis of Jancko's tijd had hij voor zover bekend niet. Stroobant geeft in zijn artikel eerst een beknopt

genealogisch overzicht van het voorgeslacht van Jancko Douwama en beschrijft vervolgens zijn persoon en leven, met lovende uitspraken als: 'Il se rendit célèbre par ses écrits, par ses armes et par sa triste fin.'. Na de integrale weergave van de (Nederlandse) tekst van de 'Instructie', besluit de geestelijke met een overzicht van het nageslacht van Jancko Douwama in de eerste en tweede lijn. Voor de genealogische overzichten heeft hij gebruik gemaakt van het toen pas verschenen *Stamboek van den frieschen adel* (1846) van De Haan Hettema en Van Halmael. Zoals bekend zijn de daarin vermelde gegevens niet altijd even betrouwbaar. Volgens Stroobant zijn Jancko's Geschriften tot ons gekomen onder de titel: 'Testamentum Jenconis a Douma', een benaming die hij van de Friese geschiedschrijver Suffridus Petrus (1527-1597) overgenomen heeft. Deze opmerking heeft ertoe geleid dat de hier besproken 'Instructie' ook onder de titel 'Testament van Jancko Douwama' bekend is. Stroobant noemt de tekstditie van Jancko Douwama's Geschriften door het Friesch Genootschap (1849) niet in zijn literatuuropgave. Mogelijk wist hij niet af van het bestaan van deze toen nog vrij recente uitgave.


Gevangenisrekeningen

Voordat Coomans zijn genereuze aanbod deed, waren slechts weinig mensen in Friesland op de hoogte van het



Anna-te-drie'n, Antwerpen, 1500-1510. Eikenhout, h. 62 cm (uit: Ton Brandenburg et al, Heilige Anna, grote moeder: de cultus van de Heilige moeder Anna en haar familie.)

bestaan van dit 'Testament'. In november 1999 waren Harmen Wind, auteur van een Friese roman over Jancko Douwama, en ik in het bezit van de tekst van Stroobants artikel gekomen. Al eerder vonden wij een citaat uit de gevangenisrekeningen van kasteel Vilvoorde in Vlaanderen, waarin slotvoogd Adolf van Wesele het overlijden van 'Jenneken Douwema' beschrijft. Volgens die bron stierf hij niet, zoals altijd is aangenomen, in 1529 of 1530 maar op 13 april 1533. Vermoedelijk is hij de laatste vijf jaar van zijn opsluiting niet meer in staat geweest te schrijven. Bij deze tekst staat onder andere een verwijzing naar de 'Instructie' zoals die is uitgegeven in het artikel van Corneille Stroobant.



De eerste twee alinea's van folio 1 recto uit Hs 1829. (Provinsjale- en Bumabibliotheek fan Fryslân)

Handschriftbeschrijving

Het manuscript is samen met een overdruk van Stroobants uitgave in een blauw papier omslag genaaid. Het bestaat uit één katern van twee bladen papier in folio formaat. Hiervan zijn de eerste vijf bladzijden beschreven. In de aanhef staat expliciet vermeld dat het gaat om een 'Copie', een afschrift van de Instructie van Jancko Douwama. Aan de schrijfstijl is duidelijk te zien dat we hier te maken hebben met een product uit een schrijfatelier (mogelijk de keizerlijke kanselarij); het schrift is uiterst regelmatig, zelfs enigszins gekalligrafeerd te noemen. Het dateren van handschriften is een hachelijke zaak. Factoren als de aard van het document, de leeftijd van de schrijver en de streek spelen daarbij een rol. Dit schrift zou ik in het tweede kwart van de zestiende eeuw willen plaatsen. De tekst beslaat de hele breedte van de bladzijde, waarbij de linkermarge zo'n vijf cm inneemt. De folio's 1 verso, 2 recto en 2 verso bevatten vijf alinea's, die van elkaar gescheiden zijn door twee regels wit. Iedere alinea begint met een grote initiaal. De laatste bladzijde bevat slechts vier alinea's, waarvan de laatste eindigt met een 'Amen' in een grote gekalligrafeerde letter. Het meest interessant is de eerste pagina, zowel inhoudelijk

als wat de bladspiegel betreft. De eerste alinea bevat de datering, herkomst en aard van het geschrift: Instructie gemaect by Jancko Douwama, heerscip vuyt Vrieslant, gevangen upt huys ofte slot van Vilvoorden tussen Brussel ende Mechelen, voor zyn kinderen etc. Ende was gescreven by zyn eygen handt ende tot Mechelen gebracht mit andere boucken ende papieren by Mr. Loys Zoete, secretaris van den Keyser, upten XIXen dach in Meye anno XVCXXVII. Deze aanhef is op de rechterhelft van de pagina geplaatst. De bijna tien cm brede ruimte links daarvan is door een tweede persoon benut. Hij had een duidelijk afwijkend, maar wel geoefend schrift en was dus mogelijk ook een klerk of secretaris. Hij noteerde: 'Jancko Douwamaz leringe die hy int leste zyns levens zyne huysvrouw ende kinderen doet'. Het is moeilijk om deze aantekening, die slechts drie regels bevat, te dateren. Het schrift is zestiende eeuws, maar wel recenter dan het schrift van de 'Instructie' zelf, dus mogelijk uit de tweede helft van die eeuw. Op de laatste bladzijde van het katern staat in zeventiende eeuws schrift geschreven: Instructie van Iancko douwama. Daarachter staat in een waarschijnlijk negentiende eeuws handschrift vermeld: en flamand.

Watermerken

De twee bladen papier waaruit het handschrift bestaat bevatten een vrij zeldzaam watermerk, namelijk een hoofdletter B op een gekroond wapenschild met daarboven een klaverbladkruis. Ze verschillen enigszins van elkaar. Aan de hand van deze watermerken heb ik geprobeerd het papier te dateren om zo meer zekerheid over de ouderdom van het manuscript te krijgen. Helaas is dit specifieke watermerk niet gedocumenteerd; het naslagwerk van Briquet over watermerken vermeldt echter wel een aantal B's die familie van de gezochte B kunnen zijn. Deze werden gebruikt door de Franse familie Lebé, ('de B') die sinds 1461 als papiermakers in Champagne vermeld worden. De watermerken die de grootste overeenkomst vertonen, zijn allen uit de (late) tweede helft van de zestiende eeuw. Omdat het watermerk van het onderzochte papier zoals gezegd niet vermeld wordt, is het onverstandig om op grond van het papier uitspraken over de ouderdom van dit manuscript te doen.

Anna-devotie

Onder de 'proloog' is de volgende spreuk te lezen: 'Helpt sainte Anna selff derde'. Dit enigszins cryptische zinnetje kan verklaard worden vanuit

de verering van de heilige Anna. 'Help Sint-Anna met u derde', 'Help Sint-Anna met uwen geslachte (i.e. familie)' of 'Help Jezus, Maria, Anna', was aan het einde van de middeleeuwen één van de meest gehoorde schietgebedjes. Met die uitroep werden Anna, Maria en Jezus, dus de Anna-te-Drieën, om bijstand gevraagd. Sint-Anna was de beschermheilige van het huwelijk, het gezin, moeders en zwangere vrouwen. Ook aan het hof van keizer Maximiliaan (de grootvader van keizer Karel V) was Anna heel populair. Keizer Maximiliaan beriep er zich namelijk op dat hij door zijn huwelijkspolitiek het Habsburgse geslacht groot had gemaakt. Er waren in de paleizen zowel te Brugge als te Brussel vele beelden (maar ook schilderijen) van Anna-te-Drieën aanwezig. Meestal wordt de heilige Anna zittend afgebeeld met een kleiner weergegeven Maria op schoot. Het Christuskind zit soms bij Maria op schoot, soms ook op de andere knie van zijn grootmoeder. Er zijn mij nog drie stukken uit het Algemeen Rijksarchief te Brussel bekend waarboven de spreuk 'Help Sanca Anna selfs darde' vermeld staat. Het zijn alle drie afschriften van waarschijnlijk niet bewaard gebleven originelen en ze hebben alle betrekking op Jancko Douwama of zijn omgeving. Had Douwama mogelijk een persoonlijke band met de heilige Anna? We weten het niet. Wel is bekend dat één van zijn twee dochters Anna heette en dat zij in elk geval niet naar Jancko's moeder Riem Eesckes is vernoemd, evenmin trouwens als haar zuster Teth. De naam van hun andere grootmoeder is helaas niet bekend, maar zou volgens de regels van de vernoeming Teth of Anna geweest kunnen zijn.

Meer onderzoek noodzakelijk

De nieuwe aanwinst van de Provinsjale en Buma Bibliotheek fan Fryslân is inmiddels opgenomen met als signatuur Hs 1829 en vormt een zeer welkome aanvulling op de handschriftencollectie van en over Jancko Douwama. Het is duidelijk dat het laatste woord over deze intrigerende persoon nog niet gezegd is!

Met dank aan M.H.H. Engels, conservator handschriften en oude drukken van de PB.

**) Martha Kist is historicus en mediëviste te Leeuwarden*

In ûntbrekkend puzelstikje

De oare Jancko Douwama


Harmen Wind)*

Jancko Douwama (1482-1533): in Fryske haadling út Aldeboarn, ynearsten belutsen by de skelen tusken Skieringers en Fetkeapers. Hy hearde ta de lêste partij. Sûnt de Skieringers Albrecht fan Saksen ynhellen as erfhear, kearde er him sûnder fertuten tsjin dizze frjemde oerhearsking. Syn rie te'n ein besocht er mei help fan hartoch Karel fan Gelre de Saksen út Fryslân te ferdriuwen. Doe't dy har oanspraken op Fryslân opjoegen en Karel fan Gelre op syn bar stribbe nei it erfhearskip oer dizze lannen, sei er de trou oan him op, flechte mei in ploechje freonen en kaam ûnder de keizer, foar wa't er no Fryslân fan de Geldersken befrije moast. Douwama hie lykwols âlde fijannen yn it Ljouwerter lânsregear, dy't him beskuldigen fan ferrie en soargen dat er (yn 1523) oppakt waard en finzen set yn it slot Vilvoorde. Oan syn dea yn 1533 ta hat er dêr, sûnder foarm fan proses, sitten. Yn dy tiid skreau er syn kronyk dy't tagelyk in ferwarskrift is en dy't bewarre bleau. It Friesch Genootschap hat it manuskript yn 1849 publisearre as '*Jancko Douwama's Geschriften*'.

Opfieder

Yn dit artikel wol ik besykje in 'portret' fan Jancko Douwama te sketsen yn it ramt fan syn tiid, as alternatyf foar it byld dat fan him bestiet. De ynformaasje foar dat portret ûntlien ik foar in grut part oan de nije oanwinst, de ynstruksje oan syn bern (sjoch it artikel fan Martha Kist hjir foar), dêr't Jancko Douwama yn trochjout wat foar him it wichtichste yn it libben is. It besetten fan dit dokumint is foar ús kennis fan Douwama nijsgjirrich en wichtich. Yn de *Geschriften* komt al de '*Instructie an syn wijff*' foar (s.505 e.f.), dat yn styl en wurdkear krekt oanslút by dit stik, dêr't de finzen haadling, neist

syn frou, syn eigen bern streekrocht yn oansprekt. Net allinne is it wichtich as oanfolling op it besteande wurk dat oan Jancko Douwama taskreaun wurdt, nijsgjirriger is noch, dat it ynhâldlik eat by te setten hat, dat tsjinje kin ta in better begryp fan syn opfettings. Hjir lit er him by útstek kenne as opfieder. Hy wol syn bern bybringe wat nei syn ynsjoch de kearn fan it bestean is, fral op religieus en etysk flak. Boppedat kin dizze '*Instructie voor syn kinderen*' in rol spylje yn de autentisiteitsdiskusje oangeande de *Geschriften*. Douwe Kalma, en letter Philippus Breuker, ha op it aljemint brocht dat de tekst foar de útjefte fan it Friesch Genootschap



*Kasteel Vilvoorde waar Jancko Douwama van 1523 tot aan zijn dood gevangen werd gehouden. Tekening uit de negentiende eeuw naar een inmiddels verloren gegane afbeelding uit 1694 (uit: J. Nauwelaers, *Histoire de la Ville de Vilvoorde*, tome 1)*

nei alle gedachten in ferfalsking is. De *Encyclopedie van Friesland* jout it sa wer: *'Of hij werkelijk te Vilvoorde zijn Memoires – Geschriften uitgegeven door het Fr. Gen. 1849 – heeft geschreven, is op zijn minst twijfelachtig.'* Prof. H. Niebaum hat, op grûn fan arguminten dy 't er foar in part ûntliet oan M. Kist, okkerdeis yn syn artikel 'Zur Sprache der Schriften des Friesischen Freiheitskämpfers Jancko Douwama' (te ferskinen yn: *Festschrift für Hubertus Menke zum 60. Geburtstag*, Heidelberg 2001) lykwols noch oannimlik makke dat de Geschriften autentyk binne. Wat jout dizze Instrucție om eins foar nije ynformaasje oangeande it byld dat ús fan Jancko Douwama oerlevere is, in byld dat yn de *Encyclopedie van Friesland* gearfette wurdt as *'vrijheidsstrijder (...) een der leiders van de ontevreden Friezen (...). Als verrader gewantrouwd bij beide partijen (...).'*

Imago

Foar de ôfkear dy't Jancko Douwama oprôp, yn syn tiid en letter, wurdt meastentiids as oarsaak oanjûn: ûnbetrouberens, ferrie. Hy hat (mei in stikman-nich freonen) by mear as ien 'partij' yn tsjinst west en waard troch in soad minsken dus sjoen as in deserteur, in kameleon, in opportunist. Fansels, hy is in fertsjintwurdiger fan in âlde bopelaach dy't troch de Saksen frijwat tenei kaam waard: dy fan de haadlingen, in pear hûndert eallju dy't yn de midsieuwen, mei ynbring fan de geastliken en de eigenierden (frije boeren), it lânsbestjoer yn Fryslân útmakken. De lândagen soargen foar oerlis en ôfspraken. Mar sûnt de haadlingen foar it útfjochtsjen fan har famyljeskelen hieltyd mear bûtenlânske hiersoldaten ynhierden, rekke it lân yn it lêst fan de fyftjinde ieu yn de nederklits, somtiden kin sels praat wurde fan boargerkriich en anargy. Yn it nije Saksyske bestjoersmodel ferlearen de haadlingen har âlde rjochten. Rjochtspraak en regear waarden sintralisearre. It leit dus foar de hân om mei dizze útskeakeling de dwersens fan lju as Douwama te ferklearjen, fral as se ek noch Fetkeaper wiene. De Skieringers hiene it mei de nije hearsker op in akkoart smiten. Wa't it wurk fan Jancko Douwama sels lêst, krijt in oare yndruk fan him. Wis, hy faget syn eigen paadsje skjin, en hy kin syn degradaasje min ferneare, mar troch alle frustraasje en selsrjochtfear-diging hinne komt in man foar 't ljocht dy't gerjochtichheid en ûnbaatsuchtigens net allinne heech yn it fin-

del en kreas yn 'e pinne hie, mar dy't him nei ear en gewisse rekkenskip joech fan syn hâlden en dragen op dat mêd. Douwama syn 'ferrieders-imago' wie, sa't er sels yn syn Geschriften oanjout en ûnderboud, fral in útfynsel fan it setbazeregear yn Ljouwert. It hearde by har strategy om mei him ôf te weven. Se bewurken Riedslju fan de keizer yn Brussel, mar benammen it Fryske folk. Douwama klaget der faker as ien kear oer, dat fan him spotprinten ('*monstru-euze figueren*') en spotlietsjes ('*scendlicke liedekens*') ferspraat wurde. Organisearre rabberij waard op grutte skaal tapast. 'Imagebuilding' en it bewurkjen fan de publike opiny wiene doe, sij it ûnder oare oantsjuttingen, krekt like wichtich as hjoed de dei. En dat jilde yn it bisûnder lju dy't út namme fan it folk, sawol yn as bûten de lândagen, it regear bekritisearren. Sokken bestiene by de graasje fan de folksstipe. Slagge it de hearskjende macht om har op in minne namme te krijen, dan wie it gau dien mei har ynfloed.

't Gemeen proffyt'

Wie Douwama yn syn tiid in earsten-konservatyf? Woe er werom nei foarbyetiden? Dat is nammentlik ek in ferwyt, dat opklonk (en –klinkt). It andert is: ja en nee. Ja, hy socht it rjocht yn de ieuwenâlde Fryske frijheidskêsten, dy fan de Upstalbeam. Mar dêr ha wy – en dat is de oare kant – te dwaan mei in bestel dêr't it folk (troch har foarmannen) grutte ynfloed yn hie en lânsbestjoerders gjin kâns krigen om har posysje út te bouwen ta erflike (feodale) macht. Dat is dan ek it hert fan it Fryske frijheidsrjocht: gjin oare hear hawwe as de keizer sels. Sa sjoen wie it weromgripen op it Upstalbeamferbûn in ynspyljen op krityske polityk-maatskiplike krêften yn syn tiid. (Dat dit ferbûn eins nea echt 'wurke' hat, is net sa wichtich yn dit ferbân: it gong Douwama om it aktualisearjen fan wat op skrift stie oer de grûnslach en skaaimerken fan dit bestjoers- en rjochtssysteem.)

Ik bin der fan oertsjûge, dat yn dat stribjen it wiere gefaar siet fan Douwama: hy kaam op foar it algemien belang ('*tgemeen proffyt*'). Hy wie sa dryst en klei de machthawwers iepentlik oan. Foar de Saksen wie Fryslân in wingewest. Hy gie tekear tsjin it geweld fan 'de vorsten en heren' en fergelike harren kwea mei dat fan de earste moardner, Kaïn. It bloed fan dy syn broer Abel rôp de wrake fan 'e himel oer him út. Douwa-

ma bekritisearre it útrûpeljen fan it folk en stelde gâns foarmen fan machtsmisbrûk oan de kaak. De ynstruksje oan syn bern einiget mei de oprop: *'Ende wacht u yoe dat ghy tgemeen proffyt nyet hinderlicken en zyt om u eygen gewin. Ende waer ghy tgemeen proffyt nyet vorderlick zyn en mochten, zonder ongunst ofte scaden, daer weest oeck niet hinderlick zoe lief als u leven u es.'* Yn deselde opdracht riedt er har om net yn tsjinst fan in hear te gean, om't se dêrmei har eigen gewisse as paadwizer kwyt reitsje: *'Want dient ghy die heeren wel, alst behoeren soldé, soe moet ghy u consciencie te huys laten.'* Jim kinne net tagelyk én dy hear én it algemien belang tsjinje. Nim mar in foarbyld oan my, seit er dêr – hast skuldbe-wust – by. It frijheidsideaal is hjir dúdlik betrusen op sosjale en morele noarmen. It stiet yn it ljocht fan maatskiplike tsjinstberens.

Opskuor

Sa'n hâlding krijt pas echt betsjutting as er sjoen wurdt tsjin de eftergrûn fan syn tiid oer de Fryske grinzen hinne. It giet benammen om de gearwurking fan twa faktoaren: de eintiidsgedachte fan esgatologyske bewegings nei oanlieding fan it 'gouden jier' 1500, dy't skaaimerken hat fan de earste kristentiid (mienskiplik besit en persoanlike lykwurdigens), it folksferset tsjin de maatskiplike misstannen dy't û.o. útdraiden op de boere-oarloggen yn Dútsklân, opstannen tsjin it feodale gesach. Jancko Douwama en syn freonen, feriene yn har ferset tsjin Karel fan Gelre, ha dy ûnrêst om 1520 hinne, doe't se in goed healjier as ballingen yn Múnster taholden, fan deunby meimakke, tagelyk mei it opkommen fan de – op geastlike eman-sipaasje rjochte – tsjerklike herfoarmingsweach, de reformaasje (Luther). It protestantisme wie út syn aard in protestbeweging tsjin de tsjerklik-hiërargyske Roomske macht. Douwama libbe dus, ôfsjoen fan de swierrichheden dêr't Fryslân mei wraksele, yn in tiid fan sosjaal en religieus opskuor. De rop: 'alles is fan eltsenien, besit is dieverij' waard tusken 1510 en 1525 hyltyd lûder en massaler heard. It rymke: *'Toen Adam groef en Eva span, waar was toen de edelman?'* (dat Jancko Douwama yn syn Geschriften ek neamt en dêr't er de konklúzje oan ferbynt dat in mins gjin adeldom wint troch syn berte mar troch syn dieden) hie de wearde fan in striidgjalp. Nei de oertsjûging fan Douwama lei de woartel fan alle maatskiplike kwea yn de habsucht. Yn dizze ynstruksje bynt

er syn bern op it hert: 'de onversadelicke giericheyt heeft menich mense bracht om siel en lyff. Ende sy bezit leyder to hant de geheele werelt, beyde geestelick en waerlick (geestelijken en leken hw): wilt u hiervoor hoeden ende waeren.'

Dat boadskip fan Douwama, sels ien út de boppelaach, wie foar de machthawers yn Fryslân in wier gefaar. Samar koe de flam yn 'e panne slaan. Fral it (boere)folk moast dêrûnder holden wurde; alle tolerânsje wie repressyf. En just foar de rjochten fan dat folk kaam Douwama op. Dy Boarnster haadling mei syn smeulke opstokelderspraatsjes boarte mei fjoer.

It berop dat de lieder, lykas Albrecht fan Saksen en syn opfolgers, diene op 'de nije tiid' wie feitlik in oerkonservatyf ferset tsjin folksynfloed op it regear, om't dat liede koe (en soe) ta harren eigen ûndergong. Dy nije tiid wie rjochte op sintralisaasje en njonken it foardiel fan ienheid yn rjocht, munten, mjitten en wichten, die dat foar 'de vorsten en heren' benammen fertuten foar har machtsposysje. Sintralisaasje betsjutte ek (en benammen) machtsfergrutting en -befestiging. It gebou fan de bestjoershiërargy waard fersterke. Elts regear dat yn 'e knipe komt, sil ynearsten skaaimerken fertoane fan despotisme. En wat de oerhearsking fan Fryslân (efter inoar troch Saksen, Gelre en Habsburg) oanbelange: in bewâld dat mei geweld ta stân kaam is, kin him allinne mei geweld hanthavenje.

Krityske hâlding

